

**Preek oer Hannelingen 26,24.25** (Fryske Peallen, 21-5-2000; útstjoering: 28-5-2000; ynkoarte foar dizze bondel)

Ps.75:1,3,7

Ps.92:3,4

Han.26

Ps.119:6,7,12

Han.26,24.25

Ges.217

Ps.46

Gemeente fan ús Heare Jezus Kristus, bruorren en susters,

“Jo slane troch, Paulus; al dy geleardheid is jo yn ‘e holle slein!”, rôp de Romeinske goeverneur. Moat dat no allegear sa? Wêr liket dat no op? As dy Paulus yn de ferrizenis fan Jezus Kristus út de deaden leauwe wol, dan moat hy dat dochs witte? Moatte je dêr no sa’n drokte oer meitsje? Wêrom wurdt Festus hjir ynienen sa pûr- en pûrlilk? Wêrom is der ynienen sa troch it mâle hinne? Is dat net wat oerdreaun?

Der binne útlizzers dy’t sizze dat Festus op Paulus ôfknapte, om’t er gjin tou fêst meitsje koe oan de redenaasjes fan Paulus. It waard him te technysk. Hy krige it gefoel in útspraak dwaan te moatten yn in teologysk ferskil fan miening binnen it joadendom. Seit Paulus noch itselde as Mozes en de profeten, as er leart dat Jezus út de deaden ferriisd is, of leart er dan hiel wat oars? Is Paulus noch in echte Fariseeër, as er opkomt foar de ferrizenis fan Jezus Kristus, of is er in nijljochter? Paulus wol fansels op it earste oan, de Joaden op it twadde. Mar dat is Festus wol dierber. Ferrizenis fan deaden, dat stiet san ein fan syn belibbing ôf. Wat kin him, as Romein, dat no skele, oft Mozes en de profeten de dea en ferrizenis fan de Messias al foarsein ha of net? As Paulus mar trocheamelt mei in dreech ferhaal oer Mozes en de profeten is Festus it sa sêd as sûpe. “Man, hâld dochs op fan jeuzeljen. Ferrizenis fan deaden? Ik tink datsto wat te djip yn it Boekje sjoen hast. Troch al dat gestudear fan dy hast de realiteit út it each ferlern. Dat dy Mozes en dy profeten fan dy dreamd ha fan in ferrizenis fan deaden, dat moasten sy witte. Wy dreame allegear wol ris wat. Mar meitsje my net wiis dat die ferrizenis al bard is. Doch dy Bibel fan dy mar ris ticht, en dyn eagen mar ris iepen. Dan praatst wol oars”.

Soe dat sa wêze, bruorren en susters, dat Festus sok raar guod spuide, omdat de ferrizenis fan Jezus út de deaden sa’n ein fan syn belibbing ôfstie? Of soe Festus it der sa mâl hinne sizze, omdat Paulus mei dy ferrizenis fan him syn belibbing ynkringe? Waard in “ver-van-m’n-bed-show” inienen in “te-ticht-op’e-hûd-show”?

Ik tink dat it sa is. Want dat Paulus leaude dat Jezus ferriisd wie út de deaden, dat wist Festus allang. Dat wie foar him gjin nijs. Hy hie sels al, yn in petear fan te foaren, oan kening Agrippa útlein, dat de Joaden wat kwestjes mei Paulus hienen oer har eigen godstsjinst en oer in Jezus dy’t stoarn is en dêr’t Paulus fan úthâlde dat er libbet (25,19). Mar troch de riddenaasje fan Paulus begûn er te fielen dat dat hielendal gjin teologysk striidpunt wie. Hy rop fan “au”, omdat Paulus him rekke hat. Al liket it in nochal neutrale, technyske redenaasje, wa ‘t goed lêst fernimt dat Paulus júst oan alle neutraliteit in ein makket, as der tsjûget fan syn eigen treffen mei de ferriisde Hear. Dêrom wurdt it bloed de Romein sûpe, as er Paulus foar de safolste kear heart oer de ferrizenis fan Jezus Kristus út de deaden. Hy rôp lûd, hy raasde it

út: “Jo slane troch, Paulus; al dy geleardheid is jo yn ‘e holle slein!” Of sa ‘t de âlde oersetting fan Wumkes fertaalt: “Jo raze, Paulus! de greate geleardheit bringt jo ta razernij”.

Mar wa raast der hjir? Is it Festus net, in stee fan Paulus? Wa is der hjir de nochterens sels? Is it Paulus net, in stee fan Festus? Want Paulus antwurdet hiel kalm: “Ik raas net, eksellinsje Festus, mar sprek wiere en ferstannige taal. Raze, dat die ik foarhinnen, doe ‘t ik as in razende tekear gie tsjin de kristenen, harren opslute liet yn’ e sel, harren ôfstrafte om se ta lastertaal te twingen en as in wyld my tsjin harren tjirge en se ferfolge oant yn Damaskus ta. Raze, dat die ik, salang’t ik, lykas alle Joaden, wol dreame woe fan in ferrizenis yn in fiere takomst, mar net leauwe woe dat dy dream al útkaam wie, yn ‘e ferrizenis fan Jezus Kristus. Raze, dat dogge jo, eksellinsje Festus, salang’t jo my in Joadske dream gunne, mar net sels wekker wurde wolle. Jo moatte net miene dat jo in dit proses in taskôger bliuwe kinne. Jo moatte, krekt sa goed as ik, foar it offer. Want wat de ferriisde Hear tsjin my sein hat, dat seit der ek tsjin jo: “It falt dy net ta om tsjin ‘e prikelstôk yn te slaan”. Dat Grykske sprekwurde kenne jo wol, of net, eksellinsje. Oer in okse dy ‘t syn eigen gong gean wol, en wyld efterút trapet, mar him de poaten iepenhellet oan ‘e prikelstôk fan ‘e ploeger. Sa’n okse wie ik, sa’n okse binne jo, as jo jo nekke net bûge wolle foar de Hear, en jo net troch him yn it helter twinge litte wolle. En wat de ferriisde Hear tsjin my sein hat, dat seit der ek tsjin jo: “Kom oerein en gean mei beide fuotten op ‘e grûn stean”. En omdat Er tsjin my sein hat: “Hjirfoar bin ik dy ferskynd: om dy oan te wizen as myn tsjinstfeint en as getuge, datst My sjoen hast, en as getuge fan wat ik dy noch sjen litte sil”, dêrom stean ik hjir en jou myn getugenis foar elkenien, lyts en grut, dus ek foar jo, kening, en foar jo, eksellinsje, dat de Messias as earstferriisde fan ‘e deaden it ljocht ferkundigje soe oan it folk en oan ‘e folken, oan de Joaden, dus ek oan jo, Agrippa, en oan de heidenen, dus ek oan jo, Festus, en om jo oan te sizzen dat Er jo ferskine sil sa ‘t Er my ferskynd is”.

Sa set er de Romeinske goeverneur yn ‘e skandebank. Paulus keart hjir de rollen om. Net hy is de oanklage, mar Festus en Agrippa. En hy warskôget harren: “Mien net dat ik hjir sprek fan in fiere takomst. Dy fiere takomst is tige tichteby kaam no ‘t Jezus ferriisd is fan ‘e deaden. Dêrom, kening Agrippa, haw ik my altyd hâlden oan dat himelsk fisioen, ja, ik haw earst oan ‘e ynweners fan Damaskus en Jeruzalem, doe yn it hiele Joadske lân en oan ‘e oare folken oansein, dat se berou hawwe moasten en har ta God bekeare en libje lykas by de bekearing past. En itselde sis ik tsjin jo, Agrippa, en tsjin jo, Festus”.

As Festus sawat út syn fel springt, dan betsjut dat allinnich mar, dat hy Paulus presys begrepen hat. Hy raast wol dat it Paulus yn ‘e plasse slein is, mar hy oerraast dêrmei allinnich mar dat Paulus syn boadskip by hím ynslein is as in bom. Festus begrypt Paulus dealske goed, mar wol him net begripe. Hy leit him leech, om’t er sels net op ‘e knibbels wol. “Man, se moasten dy opslúte. Net yn Rome, mar yn Frentsjer!” Troch Paulus de gek oan te stekken, hâldt er him lykwols allinnich mar in boadskip fan it liif, dy’t him te ticht op ‘e hûd komt.

“De Hear is ferriisd, it is sa”. Of sa ‘t de âlde fertaling, wat âldfrinzich, mar ek pittiger oerset: “De Heare is wierlik opstien!” (Lk.24,34). Soe dat hjoeddeis noch in boadskip wêze dêr’t minsken alhiel fan slach fan reitsje? Soe dit boadskip hjoed it libben fan de minsken ek hielendal ûnderstboppe sette? Soe ús wrâld, de wrâld sa’t wy die kenne, dêr noch fan ynstoarte? Ik bin bang fan net. Ik hearde lêsten dat in lytse 70 prosint fan de Nederlanders net mear wit wat Peaske betsjut. Mar hoe soe dat lykje my dy oare dikke 30 prosint? Hoe is dat mei jo, dy ‘t meiharkje foar de radio, en my jo dy’t hjir yn ‘e tsjerke sitte? Miskien witte jo noch wat Peaske betsjut, mar seit it jo noch wat?

Peaske, dat wie altiten it feest fan Jezus Kristus dy 't de dea oerwûn hat. Mar is dat net wat al te moai? Hâlde wy ússels net in bytsje foar de mâl as wy mekoar wiismeitsje dat de dea al ferslein is? Der sille hjir yn 'e tsjerke, of foar de radio, sûnder mis minsken wêze dy 't stil fertriet hawwe oan in heit, in mem, in man, in frou, in soan of in dochter, in berntsje miskien wol, al binne se miskien al jierren wei. De dea is net dea. Hy libbet. En moardet. Somtiden sa hoeden as in slûpmoardner, somtiden bretaal as de boal. Dêr hat de ferrizenis fan Jezus Kristus út de deaden neat oan feroare. Peaske hat wat wei fan in stien yn 'e fiver. De swiertekrêft fan de dea strykt de kringen fan de ferrizenis fan Jezus Kristus wer glêd. Leauwen bliuwe yn 'e ferrizenis fan Jezus Kristus falt net ta yn in wrâld dêr't de dea noch as kening hearsket.

Nee, dat falt net ta. Mar wêrom falt dat net ta? Omdat Kristus nei syn ferrizenis noch wol ferskynd is oan Paulus, mar net mear oan ús? Omdat wy Him noch noait sjoen hawwe? Omdat wy fan syn ferrizenis yn ús wrâld noch noait wat sjoen hawwe? Omdat der sûnt dy tiid hielendal neat feroare is? Soenen dêrom tsjintwurdich de minsken oan 'e skouders lûke as hja tinke oan Peaske? Soe it dêrom net tafalle hjoed noch te leauwen yn 'e ferrizenis fan Jezus Kristus út de deaden? It spilet wol mei. Mar dat Peaske sa'n ein fan ús belibbing ôfstiet is net de iennichste reden dat it ús net tafalt der noch yn te leauwen. Ek as de ferrizenis fan Jezus Kristus hielendal net sa'n ein fan je belibbing ôfstiet betsjut dat noch net dat je der ek yn leauwe.

De Joaden bygelyks ferwachten de ferrizenis fan 'e deaden. Mar hja koenen Paulus wol fergrieme doe't hy de ferrizenis fan Jezus Kristus út de deaden ferkundige. Hja raasden it út doe't hja Paulus yn 'e timpel seagen: "Dit is de man, dy't oeral oan alle minsken in leare foarhâldt dy't tsjin it folk, de wet en dit stee yn giet" (21,28). Dat liket hiel wat oars: dat Paulus learde dat Jezus fan Nazaret út de deaden ferriisd is en dat Paulus learde tsjin it folk, de wet en de timpel. Mar it wie presys itselde.

De Joaden makken ûnderskied tusken it folk en de folken. It folk fan God, dat wienen sy. Mar no komt der in mantsje, Paulus, en dy seit: "Allinnich troch de ferrizenis fan Jezus Kristus is der ek foar jimme in takomst". De Joaden rôpen lûd fan harren eigen mooglikheden om in rjochtfearde wrâld te skeppen. As hja harren mar oan 'e wet hâlden, dan kaam dy der wol. Mar dan komt der in mantsje, Paulus, en dy seit: "Al jim wrotten en skreppen docht der neat ta. Dy nije wrâld, dêr't gerjochtheid har thús yn ha sil (2Pt.3,13), dy komt der allinnich troch de ferrizenis fan Jezus Kristus". De timpel yn Jeruzalem, dat wie foar de Joaden it teken fan Emmanuël, God mei ús. En dêrom koenen se dy oare Emmanuël, Jezus Kristus, wol sjitte. Mar no komt der in mantsje, Paulus, en dy seit: "Dyselde Jezus dy't jimme krusigje litten hawwe hat God opwekke. Dat tink mar net dat jimme God yn 'e bûse hawwe, mei jimme ge-Emmanuël".

Fiele jo wol, Paulus syn ferkundiging fan 'e ferrizenis fan Jezus Kristus lei in bom ûnder alles dêr't de Joaden op betrouden. Troch de ferrizenis fan Jezus Kristus wienen al harren oandielen yn it Keninkryk fan God yn ien klap gjin stoer mear wurdich. Paulus ferkundige mei it evangelje fan 'e ferrizenis fan Jezus Kristus in radikaal pessimisme oer ús minsklike mooglikheden en oer de takomst fan 'e wrâld. Allinnich as God fanwegen komt kin it noch wat wurde mei ús en mei de wrâld.

Der binne kristenen dy't mei Peaske noch wol yn 'e tsjerke komme, mar dy't der feitliks net mear yn leauwe. Foar harren is Peaske net mear as in ynspirearjend ferhaal mei it boadskip dat it ûnrjocht en de dea net it lêste wurd hawwe. Sa't Jezus opstien is, sa moatte wy ek opstean tsjin diskriminaasje en rasisme, tsjin hongere en it útrûpeljen fan arbeiders en earne

minskens. Ik sis net dat dat allegear mar nijmoadrige praat is. Mar as je net mear fan Peaske te sizzen witte, dan preekje je in peaskeboadskip dat krekt safolle ynhâld hat as in gjeld boekenútsje. Sa'n boadskip wurde je allinnich mar dea- en deawarch fan. Dan moatte je it dochs sels wer dwaan. At wy de skouders der mar ûnder sette dan wurd it noch wolris wat mei de wrâld. Mar dat hat neat mei Peaske út te stean. Want Peaske leart ús dat de wrâld dêr't wy fan dreame, in wrâld sûnder fertriet, sûnder triennen, sûnder wanhoop, sûnder lijen, sûnder honger, sûnder dat der minskens útrûpele wurden, sûnder diskriminaasje en rasisme begjint wêr't it foar ús ophâldt: by de dea. In nije wrâld leit bûten ús mooglikheden. Gód skept dy nije wrâld út de dea. Wa't leauwe wol yn 'e ferrizenis fan Jezus Kristus moat belies jaan. En dat wolle wy minskens net. Joaden net, heidenen as goeverneur Festus net, en moderne, mûnige minskens al hielendal net.

Mar Paulus seit: "Jo kinne raze wat jo wolle, mar de Hear is ferriisd. Sa is it, en net oars. Jo kinne wol as in wyld yn 'e rûnte traapje, mar it wurd der net oars fan. Jo kinne jo der wol tsjin fersette, mar it kin der neat oan feroarje".

Wy prate gauris krekt oarsom. Wy sizze: "Alles wat der yn 'e wrâld bard is en noch bart, dy ferrizenis fan Jezus Kristus hat der neat oan feroare". Mar it wurd fan God seit: "Wat der yn 'e wrâld ek bard is en bart, it kin der neat oan feroarje dat Jezus Kristus ferriisd is". Wy sizze gauris: "Alle fertriet, triennen, wanhoop en lijen yn 'e wrâld, de ferrizenis fan Jezus Kristus hat it net ûngedien makke. Dy ferrizenis hat ek net folle om 'e hakken". Mar it wurd fan God seit: "Alle fertriet, triennen, wanhoop en lijen yn 'e wrâld, it kin de ferrizenis fan Jezus Kristus nea ûngedien meitsje. Nee, de ferrizenis fan Jezus Kristus sil al dat fertriet, dy triennen, dy wanhoop en dat lijen ûngedien meitsje. Dan sille wy sjen wat it measte om 'e hakken hie".

Wat sizze jo, Festus? Dyn Skriftgeleardheid bringt dy yn 'e war? Nee, eksellinsje, en alle minskens dy't har te nochteren fiele om te leauwen yn 'e ferrizenis fan Jezus Kristus, yn 'e war reitsje je earst at je de hillige Skrift tichtdogge en je eagen iepen. Yn 'e war reitsje je earst at je de Bibel tichtdogge en de krante iepen. Yn 'e war reitsje je earst at je de Bibel tichtdogge en de tillevyzje oan. Al dat fertriet, al die triennen, al die wanhoop, al dat lijen, it bringt je definityf yn 'e war at je net witte soenen dat de Hear ferriisd is. Want sa is it, en net oars.

"De Hear is wierlik opstien". Mar kening Agrippa gong oerien mei de goeverneur en Bernice en de lju dy't dêr mei harren sieten". Letterlik stie der: "Se stienen op". Dat is de reaksje fan de kening dy't de Skriften sa goed koe: Hy stie op. En Bernice ek, syn suster, mei wa't hy neffens de Story en de Privé fan dy dagen gearhokke. De Hear is wierlik opstien, mar Agrippa en Bernice steane leaver op harren sels.

Sa einiget dizze rjochtsaak mei twadderlei ferrizenis. De ferrizenis fan Agrippa en Bernice, dy't leaver libjen bliuwe by de waan fan 'e dei, en de ferrizenis fan Paulus, dy't libbet by de waan fan it wurd. Sizze jo it mar. Wolle jo opstean as Agrippa of as Paulus. Dy't it wol útraze koe:

Klink dan en daverje fier yn it rûn:  
Jezus hat de dea oerwûn.

Wie it him, is it my yn 'e plasse slein? Jo sjogge it wol.

Amen.